

## **De boeken fan boer Douwe Johannes Rispens fan Itens en Kûbaard (1654)**

Earder publisearre yn *Klaaikluten* 2007/3:3-10

Jelle Miedema

*Yn de boedelbeskriwing fan it stjerhûs (1654) fan Douwe Johannes Rispens en Tijets Yges, yn libben man en vrou op Hiemst(e)ra sate te Kûbaard, komme we tusken gongbere posten as ‘silverwerk’ en ‘gerede penningen’ ek in post ‘boecken’ tsjin, wêrûnder saneamde Latynske boeken. Gebrûklik is dat net foar in boer, reden om hjir oan dy boeken mear oandacht te jaan. We binne de earsten net.*

Faak waard op it 17<sup>e</sup> ieuske plattelân yn Fryslân in boedelbeskriwing, nedich foar it ge- rjocht, útfierd troch twa neutrale persoanen dy’t skriuwe koenen, bygelyks in skoalmaster en in blysitter (‘wethâlder’), mar yn gefal fan Douwe Johannes Rispens fan Kûbaard gongen de grytman en de sekretaris der op ôf:

‘Op ten xx<sup>e</sup> April A° 1654 heb ick Jr. Oene van Grovestins grietman over Hennaarderadeel geadsisteert met Suffrido Bruijsma secretaris aldaer mij getransporteert ende vervoecht ten sterffhuijse van w: Douwe Johannis Rispens ende Tijets IJgedr. in tijs echtelieden gewoont hebbende ende versturven zijnde op Hiemstera Sate in den dorpe Cubaard ten eijnde omme te inventariseren ende beschrijven de goederen roerende ende onroerende met lasten ende profijten bij de voorseijden echtelieden metter doodt ontruimt ende nagelaten’ (HEN ynv. 29, dd. 20.4.1654).

In boedelbeskriwing troch dizze grytman en sekretaris wie net ûngewoan, mar mooglik wienen hja nijsgjirrich nei Rispens’ boeken of woennen hja de beskriwing fan benammen de ‘Latynske boeken’ net oan oaren oerlitte. We witte it net, mar foar ús is it wol in nijsgjirrige saak. Ommers, sa faak krije je net de kâns om te sjen wat samar (...) in 17<sup>e</sup> ieuske boer oan boeken yn de kast stean hie.

Hjirûnder folget earst neiere ynformaasje oer de eigener fan de boeken. Dérnei folget in transkripsje fan de list mei boeken sa as dy yn de ynventarisaasje stiet, mei dit ferskil dat de nûmers tafoege binne en fan de útgong -ij hjir -ii makke is. Dêrop oanslutend folget in ta- ljochting op de boekenlist, wylst de bydrage ofsletten wurdt mei wat kanttekeningen by de ôfkomst en it besit fan de boeken.(1)

### **De eigener fan de boeken**

Douwe Johannes Rispens, yn 1647 lidmaat en diaken te Itens, dêr pachtboer op Hoyte- huyster sate (2), letter pachtboer te Kûbaard op Hiemst(e)ra sate, stoarn te Kûbaard yn/fóár 20.4.1654, tr. ca. 1633 Tijets Yges, yn 1647 ek lidmaat te Itens. Harren bern binne ein april 1654: 1. Johannes, yn syn 20<sup>e</sup> jier, 2. Trijntje, hast 18 jier, 3. Yge, yn syn 16<sup>e</sup> jier, en 4. Grietie, yn har 12<sup>e</sup> jier. De jongste twa, Antie, doopt Itens 4.2.1649 en Anne, doopt Kûbaard 15.1.1652, wurde yn 1654 net neamd (HEN inv. 29 dd. 20.4.1654), (3). Oer Tijets Iges ha ik fierder gjin ynformaasje. De kuratoaren yn 1654 oer de (earste fjouwer) bern fan Douwe Johannes Rispens en Tiets Yges binne de ‘bloedtvrunnen’ Hessel Gerbens fan Tsjom (dêr yn 1655 en 1670 boer op stim 26) en Wpcke Haytzes Bonnema fan Wommels en mei de lêste ha we direkt al in ferwizing nei de âlden fan Douwe Johannes Rispens: Johannes Gerloffs Rispens, yn 1589 en 1623 boer op Osingahuys te Easterein, trouw mei Tryntje Jelles Bonnema, stoarn 15.6.1634. We ha hjir ek noch te dwaan mei in ‘susterruil’-houlik, want Tryntje Jans wie in suster fan Douwe Jelles Bonnema, trouw mei Johannes Gerloffs’ suster Ymck. Johannes Gerloffs wie op syn bar in soan fan Gerloff Ulbes Rispens, boer op Osingahuys ûnder Easterein (1545-1587) en Anna Dyes Rinia, wylst Gerloff Ulbes wêr in soan wie fan Ulbe Ulbes Rispens en Eelck Sjoerds (van) Aylva (Van der Meer 2004:90, 97; Stamboek DL. I, II). De namme Rispens komt fan terp Rispens, no Trijehuzen, ûnder Easterein.

Connederde ~~de~~ ~~boeken~~ ~~van~~ ~~hovingen~~,  
Lontanno ~~Boeg~~ ~~quæ~~ ~~ringo~~ van Jonckadam,  
Eronysku Eusebius,  
Institutionis ~~Dis~~ ~~in~~ ~~dis~~  
Discoursus ministrionis de Religio;  
Metius Astronomia.

Cobiao ~~et~~ ~~dis~~ ~~in~~ ~~fin~~ ~~go~~ ~~predicatio~~,  
Grammatica Aldi Manili  
En Sigrijsf Book,  
En Latijnse ~~Dis~~ ~~in~~ ~~boe~~,  
En Book Spinde Lijfde,  
Epistola ciceronis

Huimatica Metius in Latijn,  
Jacobus Spigelius van Dadoen ~~le~~ ~~spelbouf~~,  
Set quicunck covant van Jan Vandevlon,  
Nijtten Logaerde ~~voidevinde~~,  
Heuichs Autonius van fondaties ~~dicti~~ ~~over~~ ~~omne~~,  
Hugo Grotius aut ~~et~~ ~~g~~ Logaerde  
Fondamenten der ~~sc~~ ~~cole~~ van Macropedius,  
En ~~st~~ ~~ge~~ ~~ro~~ ~~on~~ ~~book~~,  
Discoursus in de vredesgaande,  
Startas lyckelagk oncu Graeff ~~Widem~~ ~~dict~~  
Etikken vande vredesgaande,  
Boegorius de principia van Pranchiyen  
Ponetijck Multe plicatio van Liderum  
1654. aon hoving van Ponetijck,  
Vocabulier int Frans en Latijn,  
En Vulnatio;

## **De boekenlist**

1. een Bijbel
2. Meterens Historije
3. Histori[a]e Ecclesiast:[icae] Niceferi
4. Epitoma: Augustini
5. Titus Livius Historiae
6. Tonneel der keijseren ende koningen
7. Pontanus beschrijvinge van Amsterdam
8. Cronijka Eusebius
9. institutiones Busii
10. Discours Munsteri over de Religie
11. Metius Astronomia
12. Tobias Seusings praedicatie
13. Grammatica Aldi Manutii
14. Een schrijffboeck
15. Een Latijnse Bijbel
16. Een boeck sonder tijtel
17. Epistola Ciceronis
18. Aritmetica Metius in Latijn
19. Jacobus Spigelius vande daden Alphonsii
20. Het gulden Seevaert van Jan van der Ley
21. Uijtten bogaerts verdedinge
22. Henricus Antonius vande fondatie der Accademie
23. Hugo Grotius antwoort aen Bogerman
24. Fondamenten der schole van Macropedius
25. Een schreven Boeck
26. Discours over de vredehandel
27. Starters Lijckclacht over Graeff Willems doodt
28. stucken vande vredehandel
29. Besch[ermer] der Princen van Vrankrijck
30. Constrijcke Multeplicatio van Luderum
31. request aende koning van Vrankrijck
32. Vocabelier int frans ende Latijn
33. Een valuatie
34. Een Latijns Grammatica
35. Ludovicus Vivis wercken
36. Stockmans Rekenconst
37. Suffridi Petri decades
38. Processus judicia[l = r ?]ius Breckteri
39. duijtse redenconst
40. Een partie olde boecken
41. Sendtbrieff van Johan Aventroot
42. Sijmonis Coliacus sterffkonst
43. Eusebius kerckelijcke Historie
44. Baudartius Historie.

## **Taljochting op de boekenlist**

ad 2 ‘Meterens Historije’: Meteren, Emanuel van (libbe 1535-1612), Historie der Nederlandschen en de haerer Na-buren oorlogen en geschiedenissen tot 1612 (...) Nu de laestemaal bij hem (...) verbetert en in XXXII boecken voltrokken (...). ’s Gravenhage 1635. De rige waard yn 1624 fuortsetten troch Baudartius (sjoch ûnder nûmer 44).

ad 3 ‘Histori[a]e Ecclesiast:[icae] Niceferi’: Nicephorus, Johannes Langus en Fronto du Ducaeus, Nicophori Callisti filii Xanthopvli Ecclesiasticae libri XVIII. : In duos tomos dis-

tincti, ac Graecè nunc primùm editi. Lvteae Parisiorvm, sumptibus Sebastiani & Gabrielis Cramoisy, 1630.

ad 4 ‘Epitoma: Augustini’, Utreksel(s) fan of oer it wukr fan Aurelius Augustinus (354-430); mooglik in herdruk út de 16e of begin 17e ieu.

ad 5 ‘Titus Livius Historiae’: faaks Livius, Titus en Johannes Fridericus Gronovius, Titi Livii Historiarum libri ex recensione J. Fr. Gronovii. Lugduni Batavorum (Leiden): Elzeviriana, 1645.

ad 7 ‘Pontanus beschrijvinge van Amsterdam’: Johannes Isaakzoon Potanus (1571-1639) en Petrus Montanus, Historische beschrijvinghe der seer wijt beroemde Coop-stadt Amsterdam: waer inne benevens de eerste beginselen ende opcomsten der stadt, verscheiden privilegien, ordonnantien ende andere ghedenckweerdighe gheschiedenissen met hetghene de nieuwe vergrootinghen der stadt, als oock de handel ende verre reysen ende de politie betreffende is, tot dezen teghenwoordighen tijt, nae het vervolch der jaeren, verhaelt werdt; eerst int Latijn ghestelt ende beschreven door Ion. Isacium Pontanum. Ende bij den selven oock naderhandt nearerstich oversien ende op veel plaatsen vermeerdert ende verbetert. Ende nu wt des Autheurs laetste Copije in Nederduyts overgeseth door Petrum Montanum. Alle met Copere Figuren afghebeelt ende verciert. Amsterdam, Hondium, 1614.

ad 8 ‘Cronika Eusebius’: Eusebius, Sophronius, Eusebius Hieronymus en Aubert Le Miro, Rerum toto orbe gestarum Chronica. 1608.

ad 10 ‘Discours Munsteri over de Religie’: Yn de perioade 1651-1660 wie in Christoph Munsterus heechleraar te Frentsjer. Bekend binne in ‘Dictionarium Hebraicum Munsteri’ en in ‘Biblia Hebraica cum translatione Munsteri’.

ad 11 ‘Metius Astronomia’: Dit sil wol in wukr fan Adrianus of Adriaan Metius wêze, yn de perioade 1600-1635 heechlearaar aan de universiteit fan Frentsjer (sjoch ek by nûmer 18). Syn portret hinget yn it Martenahûs te Frentsjer.

ad 13 ‘Grammatica Aldi Manutii’: Manuzio, Aldo en Desiderius Erasmus, Aldi Pii Manutti Institutionum grammaticarum libri quatuor. Additio in fine de octo partium orationis constructione libelle Erasmo Roterodamo authore. Venetiis, 1543.

ad 17 ‘Epistola Ciceronis’: Cicero, Marcus Tullius en Johan Loccenius, Epistola M. Tullii Cireronis ad Quintum fratrem de provincia recte administranda et in eam Johannes Loccenii notae. 1637.



Adrianus Metius

ad 18 ‘Aritmetica Metius in Latijn’: Metius, Adriaan, Bernardus Fullenius, George Augustus William Shuckburgh-Evelyn en John Campbell Loudon, ‘Adr. Metl Alcmariani Arithmeticae libri duo: et Geometriae libr. VI. in quibus etiam tractatur’, Lugduni Batavorum (Leiden): Bonevatura & Elsevirom, 1640; in earder boek fan Metius is Manuale arithmeticae et geometriae practicae ‘in het welcke benefens de stock-reckeninhe ofte rabdologica J. Nepperi cortelick ende duydelic t’gene den landmeters ende ingenieurs, nopende ’t landmeten ende sterken-bouwen nootwendich is, wort geleert ende exemplaerlick aengewesen. Op een nieuw verrijckt met een nieuwe inventie om alle ronde vaten hare wannigheden af te pegelen’, Amsterdam: Henderick Laurensz, 1634.

ad 19 ‘Jacobus Spigelius vande daden Alphonsii’: mogelik in lettere fertaling fan Panormita, Antonius, Aenaeus Sylvius en Jacobus Spiegelius, De dictis et factis Alphonsi regis Aragonum et Neapolis libri guator. 1538.

ad 20 ‘Het gulden Seevaert van Jan van der Ley’: Jan Hendrick Jarichs van der Ley (1565-1639), fan 1599 oant 1621 úntfanger-generaal fan de admiraleit fan Dokkum, joech tusken 1615 en 1620 út, útgave en oktrooi oanfrege yn 1615, Het gulden zeeghel des grooten Zeevaerts, grif: Ley, Ian Henrich Iarichs vander, Sybrandt Hansz Cardinael, Willem Janssen en Hessel Gerrits, Het gulden zeeghel des grooten zeevaerts daerinne beschreve wordt de waerachtige grondt vande zeylstreken en platte pas-caerten (...) waermet als onder een secreten zeeghel de ghenerale regule vant gesicht des grootzeevaerts. Leeuwarden: Vanden Rade, 1615.

ad 21 ‘Uijtten bogaerts verdedinge’: Johannes Uytenbogaert (1557-1644), remonstrantske dominy te Utert yn de tiid fan de kontra-remonstrantske reboelje, mooglik de Remonstrantie van Ioannes Wtenbogaert aen de Staten Generael nopende het presenteren van s[ij]ne verantwoordinge thegens seeckere beschuldigingen..., of de Contra-discours kerckelic ende politick dat is: Antwoort op de glosen ende ’t discours, met consent van de heeren regierders der Stadt Amsterdam aldaer uytghegeven op des hoogh-gheleerden M. Simonis Episcopij Brief: daer in voorn[a]jemelijck gehandelt wort vande ghesepareerde verg[a]deringh der remonstranten. 1621.

ad 22 ‘Henricus Antonius vande fondatie der Accademie’: Henricus Antonides van der Linden, ek neamd Nerdenus, ‘fan Naarden’, Henrici Antonii Nerdeni initia academiae Franequerensis, ejusdem, templi et gubernationis, tempus institutae academ. Dedicatori autoris, consilium, eam proxime sequens oratio D. Ab. Frankena exponit. Franeker: Radeaus, 1613. Henricus Antonius waard yn 1585 heechleraar aan de akademy te Frentsjer.

ad 23 ‘Hugo Grotius antwoordt aan Bogerman’: Fan Hugo Grotius (Hugo de Groot, 1583-1645) is út de perioade 1618-1645 in brede briefwijseling bekend; Bogerman wie âlder. De bewuste titel sil wêze Responsio ad Ioannis Bogermannni ecclesiastae leovardiensis annotationes, quibus vindicatam à viro magnifico D. Hvgone Grotio fisci advocato, pietatem illustrium ordinum Hollandiae & Westfrisiae denuo impugnavit. Lvgdvni Batavorvm: Patius, 1614.

ad 24 ‘Fondamenten der schole van Macropedius’: It kin hjir gean om Epistolica fan de Brabânske humanist Georgius Marcropedius (1487-1558), in learboek foar it skriuwen fan brieven en foar ‘de redeneerkunst en welsprekendheid’, earste útjefte Antwerpen 1543, mar ek om in lettere fertaling en druk: Methodus de conscribendis epistolis. Londinium: Miller, 1649. Macropedius wie lector fan de Latyske skoalle yn Den Bosch en yn Utert.

ad 26 ‘Discours over de vredehandel’: In titel op dit gebied is bygelyks Grondich discours over desen aen-staenden vredehandel, fan Willem Usselincx, 1608.

ad 27 ‘Starters Lijckclacht over Graeff Willem's doodt’: Jan Jansz Starter (1594-1626), Lycklacht, over den hoogh-welgeboren; in alle deughden wtmuntenden heere Wilhelm Lvd-vvich, grave tot Nassau, Catzenellenboghen...Stadholder ende Capiteyn over Friesland, stad Gronin-ghen, Omlanden ende Drenthe (...). Franeker: Lamrinck (1620).

ad 30 ‘Constrijcke Multuplicatio van Luderum’: Dizze ‘Multiplicatio’, vermenigvuldiging, is wierskynlik in wurk op gebied fan de ‘rekkenconst’ (sj. ek 36), mar needsaaklik is dat net. As Luderum stiet foar ‘dr. Martinus Luderum, broeder Augustijn’ (Maarten Luther?), dan kin it ek slaan op de vermenigvuldiging fan brea, sa as beskreaun yn de bibel.

ad 35 ‘Ludovicus Vivis wercken’: Joannis Ludovici Vives (1492-1540): Vives, Juan Luis en Huldericus Coccius, Opera in Duos Distincta Tomos: Quibus Omnes Ipsius Lucubrationes quotquot unquam in lucem editas uoluit (...). Basileae: Episcopius, 1555.


ad 36 ‘Stockmans Rekenconst’: Mooglik Stockmans, Bernaert en C.P. Boeye, Een corte ende eenvuldighe instructie om lichtelijcken ende by hemselven, sonder eenighe meester ofte onderwijser te leeren cijfferen seer nut ende profijtelicken alle menschen die in de conste van arithmeticca heel slecht, onervaren en eenvuldigh zijn (...). Middelburgh: Moulert, 1622 of oars syn ‘Arit(h)metica’, útjûn yn 1633, 1637, 1648.

ad 37 ‘Suffridi Petri decades’: Petrus, Suffridus (1527-1597), De scriptoribus Frisiae, decades xvij & semis in quibus non modo peculiares Frisiae, sed et totius Germaniae communes antiquitatis. 1593.

ad 38 ‘Processus judicia[=r?]ius Breckteri’: Brechterus, Christophorus, Processus judiciarii totius compendium (...) item Tractatus de notarijs, de renunciationisnibus beneficiorum. 1601.

ad 41 ‘Sendtbrief van Johan Aventroot’: Fan Johannes Bartholomeus Avontroot binne út de perioade 1616-1634 ferskate publikaasjes bekend, wêrûnder Ein Sendbreif Johan Avontroots ahn den grossmächtigen König von Spanien, darinn kurtzlich vermeldet wird was das geheimnisz von den Kriege auf die 17. Provintzen des Niderlands, 1615 en een Lettre missive de Iean Aventroot au tres-puissant roy d’Espagne (...). 1616.

ad 43 ‘Eusebius kerckelijcke Historie’: Mooglik de Historia ecclesiastica. Dat is warachtige beschrijvinge aller ouder christelicker kercken, Ten eersten, die Historia ecclesiastica Eusebii Pamphili Caesariensis elf boecken. Ten anderen, die Historia ecclestica tripartita Sozomeni, Socratis, ende Theodoreti twaelf boecken, beginnende vande Hemelvaart onses Heeren Christi aen, totten tijde des keyzers Theodosi, dat is omrent der jaren Christi CCCC. Oock soo wordt hier in beschreven der martelaren lijden ende strijd (...). Eusebius Pamphili / by my Peeter Verhaghen, 1600.



Kopy fan it titelblêd fan ‘Baudartius Historie’ (1625)

ad 44: Baudartius, Willem/Gulielmus, 1624, Memoryen ofte cort verhael der gedenckweerdichste soo kerckelijcke als wereltlijcke gheschiedenissen van Nederland, Vranckrijck, Hoogduytschland, Groot Britannyen, Hispanyen, Italiyen, Hungaryen, Bohemen, Savoyen, Sevenburghen ende Turkeyen, van den Ieare 1603 tot in het Jaer 1624’, (2 dl.), of in eardere fersy fan dat wurk út 1620, mei dêryne nei de opsomming fan lânnē de taljochting: ‘..van den iare 1612 (daer het ... Emanuel van Meteren ghelaten heeft) tot het begin des iaers 1620’.

Zutphen: Iansen. Baudartius wie dûmny te Zutphen en syn boek krike een ‘Approbatie’, oanbefelling, mei fan de doetiidse praezes fan de klassis, ds. Gellius de Bouma.

- - - - -

Lyk as de list, meast beheind ta trefwurden, is ek de taljochting op dy list net útputtend. Dúdlik is lykwols dat boer Rispens in oantal boeken, wêrûnder ‘Latynske boeken’, op it mêd fan religy, skiednis, grammatica en ‘rekenconst’, mooglik ek oer lânmijterij, yn hûs hie; foar safier beskreaun, in ritich ferskaat aan ûnderwerpen. Hie de eigener dêrfoar spesjale belangstelling? Of is it sa dat guon boeken tafallich op syn wei kamen? Hiene mear boeren yn Fryslân in ferlykbare bibileek, of wie Douwe Rispens in útsûndering? Hjirboppe is it wurd ‘bibileek’ brukt, mar hoe grut wie dat boekenbesit fan Douwe Johannes Rispens no eins? Wylst út de taljochting bliken docht dat guon titels út mear as ien boek of diel bestiene, is yn de list is sprake fan sawol ‘stucken vande vredehandel’ as ‘in partie olde boecken’. We witte net hoe grut benammen dy ‘partije’ wie, mar út it feit dat se net beskreaun waarden, kinne we opmeitsje dat it net om belangrike boeken gong, alteast neffens de grietman en sekretaris. Ik hâldt it mar op in lytse restpartij. As we it gehiel ferlykje mei bygelyks it boekenbesit fan de Ljouwerter dokter Johannes Willems van Velzen, as beskreaun yn in boedelynventaris út 1601 (Engels 2007), dan mei it boekenbesit fan Johannes Douwes Rispens de namme bibileek amper ha. Lykwols, in lyts boekenbesit kin ek ynteressant wêze. De bibileek fan de universiteit fan Frentsjer hie doetiids mar ien boek fan Metius (Van Berkel 2007:84); Douwe Rispens hie der twa.

Nei twa bibels, in grammatica en in wurdboek (nrs. 1, 15, 32 en 34) en diversen (nrs. 14, 16, 25, 33, en 40), hâlde we 35 titels oer wêrfan 8 net identifisearre binne. Fan de restearjende 27 wurken binne 4 à 5 wurken út de 16<sup>e</sup> ieu (nrs. 13, 19, 24(?), 35 en 37) en de rest út de 17<sup>e</sup> ieu. De skieding tusken 16<sup>e</sup> en 17<sup>e</sup> ieusk wark is net altyd like dúdlik (der waard in soad herdrukt), mar foar safier we in datum fan ûntstean of earste útjefte op de boeken plakke kinne, docht bliken dat it dochs meast om 17<sup>e</sup> ieuske oftewol ‘eigentiidse’ boeken giet. Lykwols, ek dat binne boeken dy’t je net yn in boereboedel ferwachtsje, reden om dêr wat langer by stil te stean.

### Hoe’t de eigener oan syn boeken kaam

Wat it sammeljen fan boeken oanbelanget kinne we tinke oan trije mooglykheden: kriegen (urven, of persoanlik kriegen); oanskaft (kocht, of ruile), of beide – mei as tuskenfariant: tydlik behear dat oergong yn permanint besit. Oer dy farianten koart it folgjende.

As earste, wat wurken yn it Latyn fan fôár of mooglik út 1543 (nrs. 13, 19? en 24?) oanbelanget, falt te tinken oan erfguoed ôfkomstig fan Aggo Occonis (Agge/Age Ockes) à Rispens, begin 16<sup>e</sup> ieu pastoar te Easterein en dêr weirekke en begroeven yn 1543. Of is dat te fier socht? Douwe Johannes’ oerpake Ulbe Ulbes wie in tiid- en generaasjegenoat fan pastoar Agge Ockes en pake Gerloff Ulbes en heit Johannes Gerloffs wienen beiden ienich soan; de stap fan 1654 werom nei 1534 is dan net sa grut as it liket. Dêr stiet tsjinoer dat oerpake gjin broer wie fan de pastoar en dat de oerpake, pake en heit fan Douwe Rispens ek boer wienen. En wat 16<sup>e</sup> ieuske boeken fan neí 1543 oanbelanget: pastoar Agge Ockes wie net de ienige Rispens fan fôár 1654 wie dy’t studeard hie (4). Boppedat, ek ûnder Douwe Johannes Rispens’ Aylva, Glins, Rinia, de Vos en Walta-foarâlden kinne ‘Latynske boeken’ ferurven west ha. Mar tige relevant is dit al mei al net, want it giet miskyn(!) mar om in pear boeken (folget).

Twads, faaks hat Douwe Rispens alle boeken kocht óf persoanlik kriegen. By it earste tink ik oan ferkeapingen fan boeken yn Frentsjer troch studinten, de akademy-boekhannel en troch de academy sels. Mar Rispens kin ek boeken kriegen ha. Even ha ik tocht oan ‘Stockmans rekenkonst’ út de earste helte fan de 17<sup>e</sup> ieu. Wie de auteur famylje fan Albertje Stockmans, de vrouw (HEN ynv. 46, fol. 315 A<sup>O</sup> 1642) fan de doetiidse dûmny, Benedictus Accronius, fan Kûbaard? En as dat sa wie, kaam dat boek dan fia de pastorije by Douwe Johannes telâne? Of wie it sa dat nei Accronius’ dea (Kûbaard 1646) Rispens tydlik it behear krige oer alle

boeken út de pastorije? Ommers, neist in bibel en in Latynske grammaatika sieten der ek religieus-histoaryske boeken yn de boekenkast fan Douwe Johannes. Of noch in stap fierder: Wie mooglik tydlik behear oergongen yn permanint besit? Teoretysk soe sa'n adat-fariant (5) kinne, mar hjir giet dat wierskynlik net op. Ommers, yn 1647 binne Douwe en Teijs noch lidmaten te Itens, hy dêr diaken, en noch yn 1649 litte hja dêr in bern dope. Dus ás it hjir (foar in part?) om boeken giet ófkomstich fan in dumny, dan falt ds. Accronius fan Kûbaard tink ôf (we witte net oft syn vrou nei 1646 yn Kûbaard wenjen bleaun is; de lidmatenboeken fan Kûbaard geane net safier werom).

As lêste: Hie Douwe Johannes Rispens as jongfeint op de Latynske skoalle of op de Akademij yn Frentsjer sitten, mar besletten om dochs mar boer te wurden? Dat wie foar syn fiere neef Jan Claezes Rispens alias ‘Johannes Nicolai Euroteles’ (fan Easterein), studint yn 1609, wol it gefal (Van Dijk 1961:7), mar Douwe Johannes Rispens fan Kûbaard wurdt net ûnder de studinten fan Frentsjer neamd (Fockema Andreeae en Meijer 1968). En oft hy op in Latynske skoalle sitten hat, of yn elts gefal in rudimentêre kennis fan it Latyn hie, witte we ek net. Boppedat, sa eigeniids is in part fan de boeken út de 17<sup>e</sup> ieu foar Douwe Rispens, earst trouw ca. 1633 (en berne ca. 1610?), no ek wer net.

Konklúzje: Folle konkretts falt der net te sizzen oer hoe’t Douwe Johannes Rispens oan syn boeken kaam, alteast net op dit stuit.

### **It besit fan boeken**

In fêst gegeven is it boekenbesit as sadanich en dat ropt de fraach op: Wêrom hechte boer Douwe Johannes Rispens, oant syn dea ta, wearde oan dy nochal útinoar rinnende boeken? Moast soms ien fan syn soannen fierder leare? Bekend is dat syn jongste soan letter skoalmaster waard. Dat slút kennis fan it Latyn net út, mar leit net foar de hân as we witte dat dy soan únderwizer yn Waaxens waard. Dêr stie hy grif net oan in Latynske skoalle en miskyn is dat wol mef de kaai ta it boekenbesit wêr’t it hjir om giet.

Yn it ‘Stamboek van den Frieschen Adel’, útjûn yn de 19<sup>e</sup> ieu, binne de Rispenses ferbûn oan adel wól opnommen, mar de oare Rispenses net; d.i. wol noch Douwe Johannes Rispens, mar net mear syn vrou en bern. Dát hy trouw wie én fjouwer bern hie en ék dat syn jongste soan skoalmaster west hat, stiet der noch wol yn, mar fierders neat. Reden:

‘Wij merken bijdezen op, dat de : RISPENSEN zich meestal aan Eigenerfden en Burgers vermaagschap en onadelijken getrouwde hebben, zoodat wij dan ook zeer weinige bekende en voor ons belangrijke namen op de Genealogie dezer Familie aantreffen’ (Stamboek 1846, DL. 2:204, noot 4).

It boadskip (út 1846) mei dûdlik wêze: de Rispenses wiene (om 1650 hinne) te gewoan wurden om fierder yn it Stamboek neamd te wurden. Mar dêr stiet dan – weromgeand nei it earste part fan de 17<sup>e</sup> ieu – gelyk tsjinoer dat by Douwe Johannes Rispens sels doetiids mooglik noch in soarte fan ‘hegere stân’-besef libbe hat. Ommers, hy wie út in famylje fan foarname einierde boeren en hieaadlike personen ûnder syn direkte foarâlden.

In foarlopige konklúzje soe wêze kinne: Douwe Johannes Rispens fan Itens en Kûbaard wie net ‘samar’ in boer; hy wie fan foarname einierde enaadlike komôf en tsjin dy eftergrûn moatte we syn boekenbesit sjen as in statussymboal, in ‘pronkbibleek’ yn it lyts.

Mooglik doch ik mei it boppesteande Douwe Johannes Rispens tekoart, mar dat moat dan mar bliken dwaan út fierdere stûdzje. In relatyf grut part fan syn boeken datearret út it twadde fearnsier fan de 17<sup>e</sup> ieu en dat ropt de fraach op: Hat Douwe Johannes wol fierder leare wollen, mar dêr de kâns net ta kriegen en dêrom letter de skea yn helje wollen? Sels tink ik fan net. Guon titels wize op selsstûdzje (ek Latyn?), mar de measte net. It liket der mear op dat Rispens de boeken kriegen, kocht of oernommen hat fan ien of twa tiidgenoaten, byge-lyks in dûmny en in ‘rekenmeester’, beiden mooglik wat âlder as Rispens sels.

En dêr moat ik it by litte. Foardat mear sein wurde kin oer wat wierskynlik de wierheit is efter it boekenbesit fan boer Douwe Johannes Rispens, sil mear ûnderyk dien wurde moatte nei sawol de bewuste boeken as nei de eigener, ynklusyf syn famylje én skoanfamylje. Dêr-

foar is yngeand ferlykjend ûndersyk nedich op gebied fan letterkunde, boekenskiednis en genealogy, mar dat leit búten it ‘attendearjende’ bestek fan Klaaikluten.

## Noaten

- 1) Mei tank oan Philippus Breuker (foarhinne Fryske Akademy en Universiteit Leiden), Goffe Jensma (Fryske Akademy, Universiteit van Amsterdam), Martin Engels (Historisch Centrum Leeuwarden) en Ad Leerintveld (Koninklijke Bibliotheek) foar harren kanttekeningen by myn transkripsje fan en taljochting op de boekenlist en foaral oan Jensma foar syn oanfollingen op en ferbetteringen fan de taljochting. Sitte der noch flaters yn de taljochting, dan komme dy foar myn rekken (JM). De taljochting op 'e list is yn earste ronde ta stân kommen mei gebrûk fan de websites fan Tresoar, it Historisch Centrum Leeuwarden, de KB en de UL, wylst dêrneist yn de UB fan Leiden gebrûk makke is fan in âlde mei-de-hân-skreaune katalogus fan klassike wurken. It is hjir net mooglik fan alle auteurs en titels alle beskibare ynformaasje te jaan. Foar mear ynformaasje dêroer ferwiis ik nei ûnder oare Google (sjoch bygelyks ûnder 'afbeeldingen', nei it yntikken fan in namme).
- 2) 'Hoytehuyster zate' te Itens wurdt yn 1633 (HEN ynv. 46, fol. 248) en 1639 bewenne troch de widdo en soan fan 'Johannes Rispens', wylst yn 1640 in Douwe Johannes Rispens dêr hierder is (Van der Meer 2004:25). By syn dea wie Douwe Johannes Rispens, dan te Kûbaard, û.o. eigener fan 4 en 3 pm lân ûnder de klokslach fan Easterein en fan 1½ pm land ûnder de klokslach fan Lytsewierrum. In nij gegeven is dat syn heit Johannes Gerloffs al yn/fóár 1633 wei wie (sjoch boppe).
- 3) Oer de bern fan Douwe Johannes Rispens en Tiets Yges noch dit: 1. Johannes, berne ca. 1635, mooglik dizze as 'Johannes Rispens' yn ûndertr. 13 juni 1663, dan fan Wieuwert, mei Lyntien Merci [=Marcus?] Fogelsangh fan Snits; 2. Trijntje, berne ca. 1637, tr. Kûbaard 15.3.1663 Douwe Reijmers fan Wommels, dêr yn 1677 keapers fan it 2<sup>e</sup> hûs fanôf de ringmuorre op de Keatsebaan (sjoch eardere *Klaaikluten*); 3. Yge, berne ca. 1639, skoalmaster te Waaksens, tr. HEN 1<sup>e</sup> 10.12.1674 Antje Heeres fan Harns, tr. 2<sup>e</sup> 6.9.1691 Antie Sjoerds fan Arum; 4. Grietje, berne ca. 1643, tr. 1<sup>e</sup> Waaksens 6.4.1662 Taekle Jans fan Kûbaard, tr. 2<sup>e</sup> Wommels 6.1.1684 Seerp Juus Braed (fan Braerd únder Wommels), widner fan Griette Ates. 5. Antie, berne Itens 1649 en 6. Anne, berne Kûbaard 1652 wurde yn de akte dd. 20.4.1654 net neamd en sille doe al net mear libbe ha.
- 4) Fockema Andreea en Meijer (1968) neame foar 1586 Gerlacus en Scelto Rispens, foar 1647 Andreas Rispens en foar 1652 Josias (van) Rispens. Andreas en Josias binne soannen fan Dominicus Johannes Rispens fan Easterein, in fiere neef fan Douwe Johannes Rispens fan Kûbaard, mar Gerlacus (Gercke) en Scelto (Schelte) kin ik net teplak bringe. Beide wurde yn sawol it Stamboek as yn Van Dijk (1961) net neamdt.
- 5) Oer de adat-fariant (adat, in term út Ynje, hjir 'gewoante-rjocht'): Yn it net-Westen libbet faak sterk it rjochtsgefoel dat as immen (A) wat liend hat en de eigener (B) komt dêr net op werom, dat dan A nei ferrin eigener wurdt fan it lienguod. Behear giet dan stilswijend oer yn besit. En yn Fryslân wie dat yn earder tiden tink net oars. As in boer oan in doarpsbewenner in ko útliende foar de molke, molke yn ruil foar gêrs en plak foar de ko, dan waard faak fan tefoaren in akte opmakke om it eigendom fan de ko dûdlik fêst te lizzen.